FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan de leden fan Provinsjale en
it kolleezje fan Deputearre Steaten
fan Fryslân.
Twibaksmerk 52
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Drachten, 21 juny 2007

*Underwerp:* taalbelied skoallen en it foech fan de Provinsje

Achte leden fan Provinsjale en Deputearre Steaten,

Wy hawwe yn Fryslân, sa't jimme hast allegearre wol witte, al mear as hûndert jier te krijen mei in slimme ferwaarleazing fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer op it grutste part fan ús skoallen foar basis- en fuortset ûnderwiis en yn it beropsûnderwiis. De nasjonale ienheidssteat, dy't wy sûnt Napoleon hawwe, is it nèt slagge om syn taalminderheden rjocht te dwaan en hat dêrfoaroer àl soarge dat it Hollânsk yn hast alle wichtige maatskiplike domeinen it *taalmonopoalje* krije koe, ek yn Fryslân.

Ut en troch wize wy as *Feriening Frysk Underwiis* skoallen dêrop dat se oan dat monopoalje tige bydrage en dat soks op wetlike en kultuerpedagogyske grûnen oars moat. Sa hawwe wy ûnder oaren de *Máximaschool* (basisskoalle) te Ljouwert fersocht om har ûnderwiis te ferfryskjen.[1]

Yn 2006 en 2007 hawwe wy kontakt socht mei bestjoer en direksje fan basisskoalle *'t Foarhûs* te Drachten omdat de direkteur tige negative en ûnkrekte útspraken yn it *Friesch Dagblad* dien hie.[2] De direksje en it bestjoer fan de skoalle hawwe - om foar ús tsjustere reden - gjin inkelde muoite dien om op ús beide brieven te reagearjen. Dêrfandinne dat wy ús no ta jimme, yn ús eagen earstferantwurdlike oerheid, rjochtsje om mei faasje in ein te meitsjen of meitsje te litten oan it negearjen fan de wetlike taak foar it Frysk fan sokke skoallen yn ús provinsje.

De grutste swierrichheid om soks op koarte termyn mooglik te meitsjen, is dat de Provinsje oant no ta sels net folle mear dwaan kin as *stimulearje*, *fasilitearje* en *koördinearje*, bgl. mei help fan de noata 'Boppeslach'. De Provinsje hat (noch) in betreklik beskieden ynfloed op de taalûntjouwings en (noch) net de macht om mei foarsje de kromwoeksen ferhâldings rjocht te setten.

Wy steane der dan ek mei klam by jimme op oan om op koarte termyn wurk te meitsjen fan in bettere *taalwet- en regeljouwing*, wêrby't de Provinsje sels *(mei-)wet- en regeljouwer* wurdt op it mêd fan de Fryske taal en kultuer en sels sizzenskip kriget oer de omfang en de kwaliteit fan in *ynspeksje* dy't de skoallen effektyf kontrolearje kin en sa nedich sanksjonearje moat. De ynspeksje soe foar it ûnderwiis yn it Frysk (fak- en fiertaal), de Fryske skiednis en kultuer folle grutter wurde moatte en alle ynspekteurs soene tige Fryskkundich wêze of wurde moatte. Dêr hawwe wy jimme de lêste jierren yn ûnderskate brieven en kommentaren op relevante stikken al foarsetten foar jûn. Wy

hoopje dat jimme ta it ynsjoch komme sille, as dat al net it gefal wie, dat de Provinsje mear ynfloed en middels krije moat om yndividuele skoallen (op klasse- en organisaasjenivo) by te stjoeren.

It ûntwikkeljen fan in *wurdearringsramt* troch de ynspeksje achtsje wy in wichtige stap foarút, teminsten as sa'n ramt jildt foar ***alle*** foarmen fan ûnderwiis. It mei lykwols gjin argumint wêze om it mei it neistribjen fan mear *foech* foar de Provinsje op in sêft sin te setten.

Mei rju achtinge,
foar de *FFU*,

drs. Th. Dykstra, foarsitter
drs. S.T. Hiemstra, skriuwer

*Bylagen:*
Us brieven fan 18 desimber 2006 , 12 maart 2007 en 20 juny 2007 oan skoalle en bestjoer fan *'t Foarhûs*.

---

*Noaten:*
[1] Sjoch ek op ús webstek, www.fryskebeweging.nl → **FFU**, foar relevante korrespondinsje oangeande de *Máxima*-school ('Brieven 2005': 24-07-2005 en 14-12-2005).
[2] Sjoch ek op ús webstek, www.fryskebeweging.nl → **FFU**, foar relevante korrespondinsje oangeande *'t Foarhûs* ('Brieven 2006 en 2007': 18-12-2006, 12-03-2007, 20-06-2007).